

## Yn 'e Dûnzen Dekbêd Polder

It wie in lette simmerjûn,  
De loft begûn te kleurjen.  
Doe 't ik in âlde hippy seach,  
Hy kaam de dyk del kuierjen.  
Ik bin, sa sei er, ûnderweis,  
Nee wier, it is gjin kolder,  
Nei it moaiste plakje fan 'e wrâld,  
De Dûnzen Dekbêd Polder.

Yn 'e Dûnzen Dekbêd Polder  
Binn' je wolkom, elke dei.  
Jo krij der moarns croissantsjes  
En in lekker sacht sean aai.  
De huzen ha der túntsjes  
Mei in bankje by de doar.  
It is noait min waar,  
Der is gjin gefaar,  
Hellest gratis pot,  
Ja, it is my wat,  
Yn 'e Dûnzen Dekbêd Polder.

Yn 'e Dûnzen Dekbêd Polder  
Sitte plysjes op kantoar.  
De hûnen kinn' net bite,  
Rûzjes komme der net foar.  
De bakkers diele taartsjes út,  
De slachters drûge woarst.  
Ut 'e kraan komt wyn,  
Read fan sinneskyn.  
Bakte fisk, ha 'k heard,  
Swimt der yn 'e feart,  
Yn 'e Dûnzen Dekbêd Polder.

Yn 'e Dûnzen Dekbêd Polder  
Hingje oeral skjinne klean.  
Jo hoege net te wurkjen  
Mar jo krije dochts je lean.  
Jo drankje stiet by't swimbad klear,  
De barbecue is oan.  
De belestingmenear  
Docht nimmen sear,  
Yn 'e kranten stiet  
Dat it prima giet,  
Yn 'e Dûnzen Dekbêd Polder.

Yn 'e Dûnzen Dekbêd Polder  
Is jûns altyd live-muzyk.  
Lekker swinge op 'e dûnsflïer,  
Polonêze op 'e dyk.  
Op it lêst noch bitterballen  
En in taksi bringt jo thús.  
It kostet neat,  
Der giet niks ferkeard.  
'k Bliuw der oant ik stjêr,  
Miskien sjoch 'k dy dêr,  
Yn 'e Dûnzen Dekbêd Polder.

Foar ryp en grien, ja, elkenien,  
Is de Dûnzen Dekbêd Polder.

*Yn De Nije, in glimmer, yn desimber 2019  
útjûn troch de Ried fan de Fryske  
Beweging wie in oersetwedstryd  
opnommen. Ut de taljochting fan dizze  
oersetwedstryd: 'In the Big Rock Candy  
Mountains.' giet oer in swalker. Hy dreamt  
oer in lân dêr't de hinnen sêftseane aaien  
lizze en dêr't de sigaretten oan de  
beammen groeie. It waard foar it earst op  
de plaat set troch Harry McClintock yn  
1928. Jo meie it pleatse nei dizze tiid en nei  
Fryslân. De saakkundige sjuery hechtet  
deroan dat sjongber is en dat it boadskip  
bewarre bliuwt.*

**Oersetter: Jurjen van der Meer  
Winner, snein 17 maart 2019**